

Lêze is tinke mei in oar syn holle

Fia de bookzines fan Yung Frysk kin elk kennis meitsje mei de persoanlike ferhalen fan jongeren yn Fryslân. Alle moannen ferskynt der in nij ferhaal yn it Frysk, Ingelsk of Nederlânsk. Dy ferhalen meitsje maatskiplike tema's besprekber yn de klasse, mar ek fia de socials Insta, Tiktok en Youtube fan Yung Frysk.

Dêr litte de jongeren hieltyd mear fan harren hearre. It giet derom watfoar plak taal ynnimt yn de jongereinkultuer. Net it perfekt praten fan de taal stiet sintraal, mar foaral it stimulearjen fan jongeren om de Fryske taal te brûken. Dêrom makket it team Yung Frysk grappige en dielbere content en ûntwikkelje sy hieltyd nije produksjes om sa oaren ek oan te setten om it Frysk te brûken.

Yn de fideorige 'Ik bin mbû' op Youtube, wurde bygelyks studinten yn harren beropspraktyk folge. Se fertelle oer wat harren driuwt, wêr't se harren mei dwaande hâlde, mar ek hoe't se sels op aktive en kreative wize mei it Frysk oan de slach kinne yn harren berop.

Yung Frysk is in aktive gearwurking tusken Aeres, Firda, Omrop Fryslân en Afûk as ûnderdiel fan Taalplan Frysk 2030. Folgje Yung Frysk fia socialmediakanalen en bestel de nijste bookzines fia taalplan.frl/oanbod.

Organisearje ris in Sutelaksje

De Sutelaksje fan **Boeken fan Fryslân** wurdt organisearre yn gearwurking mei pleatslike klups en ferieningen. In win-win-situaasje: de Fryske boeken wurde oan 'e man brocht en de ferieningen hâlde der in aardige bûssint oan oer, want 25% fan de opbringst is foar de klupkas!

"Fryske boeken doar oan doar en wille foar én mei de hiele klup!"

Meidwaan is hiel ienfâldich! Jou dyn klup op fia sutelaksje.frl

BOEKENFANFRYSLÂN



Wat dochsto yn it Frysk op #FryskeFreed?



Lit it Frysk ek foar jim bedriuw wurkje!

Freed 14 april is it wer #FryskeFreed! It doel? It Frysk sichtberder meitsje en bedriuwen oanmoedigje mear Frysk te brûken. Dêrom roppe wy bedriuwen en organisaasjes op om op Fryske Freed wat ekstra's yn it Frysk te dwaan en dat te dielen mei de hekstek #FryskeFreed. Fansels diele wy ek alle oare berjochten fan elkenien dy't meidocht oan Fryske Freed! Ferjit de hekstek #FryskeFreed net! Dogge jim ek mei?

Fryske froulju op Wikipedy



Mei ferskate Fryske én ynternasjonale partners is it projekt WikiWomen úteinset. Yn dat projekt skriuwe learlingen fan it fuortset ûnderwiis in biografy op Wikipedy oer in Fryske frou. Sadwaande oefenje se harren ûndersyks- en skriuwfeardichheden én wurkje

se oan it tichtsjen fan de gender gap. Datselde bart ek yn Ierlân en Baskelân, dêrom hawwe ein maart inkelde learlingen op útwikseling west nei it Ierske Monaghan.

Foarbylden fan froulju dêr't oer skreaun is: muzikant en dichter Michelle Samba, Catharina Woesthoven en politika Hetty Janssen. Harren biografyen en mear binne no te finen op it web! Dêrmei hat sa'n skoalske opdracht mear betsjutting; it draacht wier by oan de grutste online ensyklopedy.



De dielnimmers oan de útwikseling nei Ierlân ta

WikiWomen is in ErasmusPlus-projekt dat útfierd wurdt troch meiwurkers fan Afûk/Cedin, LearningHub Friesland en Mercator (Fryske Akademy), Wikimedia Community Ireland en Coláiste Oiriall, Euskal Wikilarien Kultura en BHI Antigua Luberri.

Op it stuit wurdt it projekt foar it earst útfierd troch learlingen fan it Drachtster Lyseum en HAVOTop yn Burgum. It projekt sil letter breder ynsetber wêze, as ûnderdiel fan de metoade Searje 36 foar it fak Frysk. Sjoch foar mear ynformaasje op wikiwomen.eu

Oant sjen yn ús winkel

ADRES
Bûterhoeke 3
Ljouwert
(058) 234 30 70

ynfo@afuk.frl
www.afuk.frl


 /stichtingafuk
 /StichtingAfuk

IEPENINGSTIDEN
Moandei
13.00 - 17.30 oere
Tiisdei o/m freed
09.30 - 17.30 oere
Sneon
10.30 - 17.00 oere



Foar dizze en oare boeketips, sjoch op websjop.afuk.frl, of scan de QR-koade.

Boeketip 5



1 Erfskip
Willem Schoorstra
€ 22,50

Erfskip – De saga fan Ubba Skylding is in epyske fertelling. Mei ûnbegrinzge ferbyldingskrêft sketst de auteur in byld fan de ier-midsiuwske wrâld, en jout alsa de histoaryske roman in folslein nije diminsje.



2 Molly, Aukje & Jelmer
Catherine Rayner
€ 14,99

Molly de hazze is gek op ferstopperke dwaan... mar Aukje de ûle en Jelmer de foks ha harren in bytsje te goed ferstoppe! Wêr kinne se toch wêze?



3 De wûndere leafde fan Emine en Einte
Willem Verf
€ 26,50

Einte wit dat hy like fereale is op Emine as oarsom. Einte wrak-selt mei de fraach: hat ien dy't in moard ferswiwt it rjocht om fan in oar minske te hâlden?



4 De toekomst is er al
Ingrid van de Vegte
€ 17,90

Hoe giet it mei Fryslân? As eardere direkteur fan it Fries Sociaal Planbureau (FSP) jout Ingrid van de Vegte djip ynsjoch yn de sosjaal-ekonomyske ûntwikkelingen yn Fryslân.



5 Sjongsto mei my?
Michelle Samba
€ 15,00

Amanda Gorman skriuwt oer in jong famke dat it paad wiist op in muzikale reis. Se freget de minsken dy't se tsjinkomt om mei-inoar de wrâld in bytsje moaier te meitsjen.